

Bijlage HAVO
2012

tijdvak 1

Fries

Tekstboekje

It klimaat fan Fryslân yn it jier 2030

Professor Pier Vellinga docht ûndersyk oan de universiteit fan Wageningen nei klimaatferoaring. It Friesch Dagblad frege him om in byld te sketsen hoe't Fryslân ûnder ynfloed fan it feroarjende klimaat der yn 2030 útsjocht.

(1) Soe de nije Ofslútdyk al klear wêze yn 2030? Wurdt dêr dan enerzjy opwekt troch sâlt en swiet wetter by inoar lâns streamen te litten, of is nije blauwe enerzjy noch in belofte? Begjint de see al te knauwen oan de Waadeilannen, of binne de iiskappen wer oan it befriezen?

(2) It feroarjende klimaat hat ús sûnt 2010 noch twa Alvestêdetochten opsmiten, mar de foarútsichten binne somber. Yn Ljouwert wurdt hurd wurke oan alternativen. It earste ljipaai wurdt al jierren yn 'e lêste wike fan febrewaris fûn.

(3) It giet ekonomysk wol goed mei Fryslân. Troch it ynspyljen op de klimaatferoaring is de wurkgelegenheid bot tanommen. Bygelyks yn de wetterrecreaasje en alles wat dêrby heart: it waarmere waar lûkt mear minsken as foarhinne. En yn de elektro-ynustry: elektryske oandriuwing hat nije wurkgelegenheid brocht mei in protte eksport. Ek yn de lânbou is de wurkgelegenheid fan 2010 ôf wer tanommen. It giet no om in ynnovatyf gebrûk fan biogrûnstoffen. Dêrby wurdt de opbringst yn stappen brûkt: earst foar de farmaseutyske produkten, dêrnei foar materialen en as lêste foar enerzjy. Fryslân stiet yn 2030 ek ynternasjonaal bekend as ynnovaasje-sintrum foar wettertechnology. Wetterbehear en enerzjyfoarsjenning binne hyltyd sterker mei inoar ferbûn. It meitsjen fan yntelliginte, betroubere ynstallaasjes dy't ûnder alle omstannichheden wurkje, is in fisitekaartsje wurden fan de provinsje.

(4) Wetterbehear yn it lege part fan Fryslân jout de polityk hyltyd mear kopsoargen. Fan de tweintich jier âlde plannen om it lege middengebiet fan Fryslân ûnder wetter te setten is neat op 'e hispel kommen troch ûnienichheid en trochdat der te min jild wie om de boeren út te keapjen. Wilens giet de boaiemdelgong wol fierder en fersakje der ek hyltyd mear huzen troch pealrot. De wetterbehearers wurde twongen om de húseigners út te keapjen, of har huzen op nije betonpeallen te setten. It ûnder wetter setten fan grutte gebieten wie in brêge te fier: it ynkommen út wetterrecreaasje en wenjen oan it wetter wie te leech yn ferliking mei de priis dy't minsken en bedriuwen derfoar oer hawwe om op it plak sitten te bliuwen dêr't se sitte. Ek al sinke se stadichoan wei yn de feangrûn.

(5) It plan om brede feilichheidssônen by de seediken lâns te meitsjen hat it wol helle. By de hiele kust lâns wurdt in sône tusken de seediken en âlde binnendiken ûntwikkele mei funksjes dy't passe yn de oergong fan it sâlte Waadseewetter nei it swiete polderwetter. It is in gebiet fan brakwetterlânbou en akwakultuer, recreaasje en natoerûntwikkeling. It hat hiel wat jierren duorre om de noazen deselde kant op te krijen, mar de arguminten fan langetermynfeilichheid, natoerferbettering en ynnovative wurkgelegenheid hawwe úteinlik de trochslach jûn.

(6) De hegesnelheidstrein dy't it Noarden ferbine moast mei de Rânstêd en Dútslân is der nea kaam.

Dat is ek mar goed. Nije ferfierstechniken hawwe swiere spoarferbiningen ûnrendabel makke. De elektryske auto hat foar in trochbraak soarge. De
85 auto's binne net sa grut, mar kinst der oeral mei komme. Op de lokale wegen moastst noch wol sels stjoere, mar op 'e grutte dyk wurde de elektryske auto's
90 'bestjoerders' brûke dan har tiid om te wurkjen, oant se wer loskeppele wurde as se flak by har plak fan bestimming binne.

(7) Fryslân hat dy ûntwikkeling op 'e
95 tiid oankommen sjoen en hat yn 2030 as earste provinsje in automatisearre ferbining mei de Rânestêd oer de nije Ofslútdyk. De frachtauto's en bussen hawwe in aparte baan. Dy ride noch op
100 grien gas en biodisel, omdat de akku's noch net sterk genôch binne foar sokke swiere weinen.

(8) Klimaatferoaring en de mondiale opwaarming binne de lêste tweintich
105 jier hyltyd better sichtber wurden. Guon minsken misse de kjeld fan earder tiden en it riden op natoeriis. Mar oer it algemien binne se yn Fryslân bliid mei it 'Midden-Frankryk'-
110 klimaat. Grutte klimaatrampen kundigje har wrâldwiid oan, mar binne yn West-Europa noch net foarkommen.

(9) Wol wit elkenien no, gâns better as eartiids, wêr't it om giet as it klimaat
115 feroaret. De skeptyske lûden binne der noch wol, mar dêr wurdt net bot nei harke. It petear giet net oer de pear graden stiging fan de temperatuer, mar oer wat nedich is om de yn gong sette
120 ynstabiliteit fan it wrâldklimaat werom te draaien, it fuortteien fan de iiskappen tsjin te gean en tefoaren te kommen dat de ierde mei tsien graden opwaarmet.

(10) Yn 2030 docht bliken dat de oergong nei de duorsume enerzjyboarnen
125 úteinlik folle makliker is as doetiids ferwachte waard. De útstjit fan CO₂ troch enerzjygebrûk is dus ek flink minder wurden. Enerzjysintrales dy't
130 draaie op biomassa en dy't har CO₂ ûnder de grûn opslane, binne de foarrinners fan de nije oanpak. Gelokkich hat it provinsjaal bestjoer úteinlik
135 dochs ynstimd mei in grutskalich plan foar ûndergrûnske opslach fan CO₂. De bedriuwichheid dêromhinne soarget foar in protte ynnovaasje.

(11) Oant safier myn takomstplaatsje
140 foar Fryslân. As ik yn 2030 tachtich wurden bin, hoopje ik nochris útnoege te wurden troch it *Friesch Dagblad* om mei de lêzers te sjen oft alles wol útkommen is.

Nei: in artikel fan Pier Vellinga yn it Friesch Dagblad fan 30 desimber 2009

Tekst 2

Fisken raze net

(1) Nettsjinsteande tv, games en ynternet groeit de sportfiskerij as koal.
Net allinne yn Fryslân, mar ek yn de
5 rest fan Nederlân. Mei mear as twa miljoen leafhawwers, wêrûnder goed 600.000 bern, is it ien fan de meast beoefene foarmen fan iepenloft-

rekreaasje. Omdat sportfiskjen in
105 aktiviteit is dêr't bisten in rol yn spylje, is it net mear as logysk dat der út it eachpunt fan wolwêzen wei kritysk nei sjoen wurdt.

(2) It is allinnich sa spitich dat soks, lykas yn it artikel 'De schreeuw van de

15 vis' fan Herman Gallé (*Leeuwarder Courant* 6 april), faak sûnder nuânses en mei in religieus oandwaand fanatisme dien wurdt. In miste kâns, want diskusjes wurde pas sinfol as dy fierd

20 wurde mei nuânses en ûnderboude arguminten. Fansels meie emoasjes in rol spylje, mar se moatte net lykas yn 'De schreeuw van de vis' de boppetoan fiere.

25 **(3)** Sa is Gallé der wis fan dat fisken pine, eangst en stress ûnderfine. Dêrby ferwiist er nei it ûndersyk fan Verheijen en Buwalda út 1986. Hy hellet ek in Skotsk ûndersyk oan, dêr't út bliken

30 docht dat fisken pinereseptoaren ha en "dus ernstig kunnen lijden". Hjir hat Gallé de klok lieden heard, mar wit er de bingel net te finen.

(4) Wat pine by fisken oanbelanget, ferskille de wittenskippers noch hyltyd

35 fan miening. Net as it giet om it registrearjen fan pine, wol as it giet om it bewustwêzen fan pine, oftewol it fielen fan pine lykas wy minsken dat

40 kinne. Verheijen en Buwalda slane wat dit lestige punt oanbelanget de spiker op 'e kop troch te stellen dat in karper pine op syn karpersk ûndergiet. De Skotten ha yndie ûntdutsen dat fisken

45 pinereseptoaren yn de bek ha. Dat is ek mar goed, oars soene se nei alle gedachten net funksjonearje kinne.

(5) Wêr't Gallé de mist ek yngiet, is mei syn opmerking dat der yn de maatskippij grutte beswieren tsjin it sportfiskjen

50 binne. Ut ûndersyk fan it ministearje fan Landbouw, Natuur en Voedselkwaliteit komt nammentlik nei foaren dat sportfiskerij krekt in aktiviteit mei bisten is

55 dêr't de maatskippij amper muoite mei hat.

(6) Wêr't Gallé wol gelyk oan hat, is dat fisken it slachtoffer binne fan ús ferlet fan ferdivedaasje, natuerbelibbing,

60 rekreaasje en al sa mear. Mar dat jildt foar elke aktiviteit dêr't bisten in rol yn spylje. Tink oan hynsteriden, it hâlden fan húsdieren, mar ek it iten fan fleis.

De fraach is: meie wy dat as minske

65 dwaan?

(7) Taspitst op it angelfiskjen: meie minsken har fermeitsje mei it fangen fan fisken? Dy fraach is eins allinne te beäntwurdzjen troch it neidiel foar de

70 fisk ôf te weagjen tsjin it foardiel foar de minske.

(8) Dêrby is it neidiel foar de fisk beheind en duorret it mar hiel efkes. Fierwei de measte fisken wurde nei't se

75 fongen binne, wer foarsichtich weromset. Fisken wurde dêrby trouwens net út it wetter 'skuord', mar mei in skepnet hoeden út it wetter tild.

(9) Grutte fisken lykas karpers wurde

80 dêrby ek noch ris foarsichtich op in sêfte matte dellein om foar te kommen dat de fisk skea oprint. Foar in diel út respekt, foar in diel út eigenbelang omdat sportfiskers no ienris graach

85 deselde fisk yn de takomst yn goede steat en leafst in stik grutter weromfange wolle. Sportfiskers dy't in fiskje foar eigen konsumpsje meinimme wolle,

90 meitsje it bist daliks nei de fangst dea. In kommersjeel fongen kabeljau, hjerring of makreel soe sa jaloersk as de duvel wurde.

(10) It antwurd op it twadde diel fan de fraach – wat smyt dat angeljen no op –

95 wurdt troch Gallé eins sels al jûn: natuerbelibbing en ferdivedaasje. Dêr soe ik sels oan taheakje wolle: miljeubesef, it bewûnderje kinnen fan fassinearjende bisten en it ûntsnappe

100 kinnen oan de waan fan de dei. Troch de sportfiskerij ûntdekke bern op in aardige manier de wûndere wrâld ûnder wetter en ûnderfine se dat natuer gelokkich mear is as it twadiminsjonale

105 finster fan Discovery en National Geographic.

(11) Foardat de lêzer him in definityf oardiel foarmet, soe ik noch in reden neame wolle wêrom't it angelfiskjen

110 bestearsjocht hat. Troch de sportfiskerij is der oandacht kommen foar de ekologyske kwaliteit fan sleat, rivier en

mar, wurde der fisktreppens oanlein en
is der lang om let politike oandacht
115 kommen foar de penibele sitewaasje
dêr't de iel yn ferkeart.
(12) Koartlyn hat de sportfiskerij mei
súkses de ûnfrisse plannen tsjinholden
fan wetterbehearders dy't 90 prosint fan
120 de fisk romje woene as goedkeape

maatregel om net-realistyske wetter-
kwaliteitsdoelen te berikken.
(13) Ofslutend en as antwurd op de
stelde fraach doar ik dan ek te stellen
125 dat sportfiskjen net allinne ien fan de
aardichste en spannendste manieren is
om de natuer te belibjen, it is ek in
aktiviteit mei oantoanbere foardielen
foar fisk, fiskwetter en fiskstân.

Nei: in artikel fan Marco Kraal yn de Leeuwarder Courant fan 9 april 2010

Tekst 3

Cliffs of Moher

- (1) Tsja, wat is de oantrekkingskrêft fan in liet en wêrom sprekt it iene liet mear oan as it oare? As der in 'formule' bestean soe om in hit te skriuwen, dan soe elk dat miskien wol dwaan. Mar hits wurde, neffens my, net skreaun mar makke troch it publyk. Alhiel as it giet om lieten yn in minderheidstaal as it Frysk. Dêr
5 hat de kommersy net folle ynfloed op. De minsken bepale wat sy al of net moai fine en dat is ek mar goed. In lietskriuwer skriuwt yn it foarste plak foar himsels en tinkt der net op foarhân oer nei oft in liet al of net oanslaan sil, alteast ik doch dat net. Ik fyn it prachtich as dat slagget, mar kin en wol dat proses net beynfloedzje.
- 10 (2) Earlik sein wie ik ferstuivere doe't ferline jier bliken die dat myn lietsje *Cliffs of Moher* op nûmer ien einige yn de Fryske Top 100 fan Omrop Fryslân. Fansels wist ik wol dat in protte minsken it in moai liet fine, der wurdt by optredens geregeld om frege, mar dat it safolle stipe krije soe, dat hie ik noait tocht.
- 15 (3) Ik tink dat it liet twa punten mei hat. It is in ridlik ienfâldige en tagonklike meldij dy't al gau hingjen bliuwt, ek nochris aardich lersk klinkt (hoewol't ik dy sels betocht ha) en foaral ek mankelyk oandocht. Mar like wichtich is, tink ik, dat de tekst basearre is op in wier bard ferhaal.
- (4) De eigeneresse fan in Bed & Breakfast (B&B) yn Doolin, Ierlân, tichtby de Cliffs of Moher, fertelde my dat ferhaal doe't ik dêr yn juny 1996 in pear dagen
20 op fakânsje wie. Earder dat jier hie sy in jong steltsje, ik wol leauwe út Dútslân wei, ek by har oer de flier hân. Dy twa hawwe har weage oan de foet fan de Cliffs. Beide binne se troch in weach de see ynlutsen, it famke wurdt mei in folgjende weach wer op in richel smiten en oerlibbet it, de jonge hawwe se nea wer fûn. De frou fan de B&B wie der moannen letter noch oerémis fan en dat kin
25 ik my foarstelle.
- (5) It ferhaal spoeke my lang yn 'e holle om en mear as fiif jier letter ha ik it ris op papier set, in bytsje 'oanklaaid' fansels, mar wol mei as basis dat wier barde dramatyske ferhaal:

30 't Wie in mearke gelyk, in ferhaal út in film
Hy stoer en lûd, sy leaf en stil
Mar wol o sa fereale, de ien op de oar
En wêr't sy ek wienen, inkeld each foar elkoar

35 'k Nim dy mei, 'k nim dy mei, sa sei hy tsjin har
Nei dat lân fan myn dreamen, ik lit dy gjin kar
En ek dû wurdst betsjoeene, foardatst it witst
Astû stiest op de high Cliffs of Moher, yn 'e mist

Kearsang:

40 Yn dat lân dêr't in liet klinkt út elk hûs en kroech
Wêrfan't sjongers en dichters ferhelje
Dêr't it libben faak kalm is, de see altyd rûch
Dêr'tstû thús bist, al komst ek fan fier

45 Harren takomst wie makke, sy hienen plannen by 't soad
Mei him wol ik libje, mei har wurd ik âld
En op Saint Patricksdei hat in âlde pastoar
Har troud yn 'e rein, dêr by de high Cliffs of Moher

Kearsang

50 't Wie in dizige dei, hiel ier yn 'e moarn
Doe't hy sei tsjin syn leafste, kom jou my dyn hân
Want der is wier neat moaiers, dû leaust my grif
Astû aanst mei my giest oan de foet fan it klif

Op dat paad, smel en glysterich, mei de see sa tichtby
Fûn syn foet gjin hâldfêst, en in weach naam him mei
Yn dat iiskâlde wetter wie 't dat er stoar
Foar it each fan syn faam, dêr by de Cliffs of Moher

55 **(6)** Minsken leauwe yn de wierheid, yn datjinge dêr't sy harsels wat by foarstelle
kinne. En Friezen hâlde neffens my ek wol fan ditsoarte tryste, mankelike
ferhalen. Fansels leau ik ek wol dat de oantrekkingskrêft fan it liet yn positive sin
beynfloede is troch de fideoklip dy't derby makke is. Minsken kinne it ferhaal dan
60 noch better foar de geast krije. It is dus grif de wurking fan mear faktoaren dy't
bepale wat in liet mei minsken docht.

Nei: in artikel fan Gurbe Douwstra yn De Moanne fan oktober 2009